

It tryst ferhaal fan Skele Aal

skreaun foar de heiderevu fan 2002

1

yn in sût'rich heideklintsje
waard sy berne yn 'e hjerst
mem dy dronk, har heit wie fuortrûn
dus dat like net sa bêst
en har mem hie, wylst sy swier wie
reade hûn hân, dat's fataal
omt har eagen nuver stiene
neamde elk har Skele Aal

2

en de doarpsbern op 'e skoalle
skopten har de skinen blau
Aal hie luzen, waard nei hûs stjoerd
makke skoalle doe net ôf
fierstegau foar in pear sinten
gie s' as winkelfaam oan 't wurk
wêr't har baas har faak te nei kaam
sûnder dat syn frou it murk

3

sy waard swier en waard ferballe
yn it doarp hie sy 't bedoarn
tusken mem har lege flessen
krige sy har jonge soan
noch in mûle om te fuorjen
wylst sy útkotst wie troch elk
moast sy foar har sels begjinne
mei in winkel ûnder 'e skelk

4

troch it hiele doarp ferstjitten
krige sy gjin ink'le kâns
ek al kamen boargerhearen
sneins út tsjerke by har lâns
en de simmer fan twatûzen
brocht sels klanten út de States
mar wat Aaltsje dêr fan oerhood
wie ellinde, haat en aids

5

en har soan wie op syn tolfde
oan de drugs en stellerij
Aal wie siik, sy lei op stjerren
doe kaam it berjocht dat hy
mei syn brommer fan 'e dyk flein
en fersûpt wie yn't kanaal
doe blies sy har lêste siken
dat wie d' ein fan Skele Aal

kearsang : ja, it libben op 'e Heide
is soms hearlik, ryk en blier
soms dan is it tuskenbeide
en soms is it dreech en swier

© Doede Veeman